

Ik kom út Fryslân

Traditioneel Apollo Trio

Intro: Ik kom út Fryslân, myn moaie Fryslân,
it liket krekt oft dêr de sinne altyd skynt.

Ik kom út Fryslân, myn moaie Fryslân,
in echte Fries begrypt wat my oan Fryslân bynt.

Couplet 1: "It is de boer likefolle, as de ko skyt of de bolle",
dat stiet by ús heit en mem te lêzen.
Bin ik yn Snits of yn Ljouwert, wat makket it út,
as ik mar yn Fryslân hoech te wêzen

Refrein: Ik kom út Fryslân, myn moaie Fryslân,
it liket krekt oft dêr de sinne altyd skynt.
Ik kom út Fryslân, myn moaie Fryslân,
in echte Fries begrypt wat my oan Fryslân bynt.

Sjoch ik de marren en de skûtsjes en
de pompeblêden dan by simmerdei.
Sjoch ik de greiden, kei en kealtsjes, no dan tink ik:
"Nee, ik gean hjir noait wer wei!"

Ik kom út Fryslân, myn moaie Fryslân,
it liket krekt oft dêr de sinne altyd skynt.
Ik kom út Fryslân, myn moaie Fryslân,
in echte Fries begrypt wat my oan Fryslân bynt.

Couplet 2: Wat moat ik no bûten Fryslân, nee brûk dochs dyn ferstân,
dan mis ik dat moaie skjinne wetter.
It bliuwt foar my Fryslân boppe en Hollân yn 'e groppe
en de Fryske taal, dat leit my better.

Refrein:

Outro: in echte Fries begrypt wat my oan Fryslân bynt. (2x)